

DE FRYSKE SJONGER PITER

skreaun foar Piter Wilkens, doe't dy 40 jier waard op de wize fan syn ferske "Dykskiep"

Wy ha yn Fryslân allerhande sjongers yn bosk en fjild, fan Lauwerseach oant Rys
Moai foar harkers en fakânsjegongers, it is hjir krekt in sjongersparadys
Fertrouwe trûbadoers en frjemde soarten, in hiele bult ferskaat foar it publyk
Der is sels ien dy sjongt oer skieppepoaten, dat is dy Piter fan 'e Achterdyk

Kearsang: Dy fryske sjonger Piter is bysûnder
Dy fryske sjonger Piter is unyk
Oaren dogge wier net foar him ûnder
Mar neffens sjonger Piter ha dy oaren net gelyk

Wim Beckers bygelyks sjongt hiel romantysk oer syn idool Sylvia Millecam
Mar Piter's leafdesliet klinkt as in shanty en giet dan oer it wiif fan Skele Jan
As Gurbe sjongt oer drank is't ierske whiskey mar piter sjongt fansels oer Bearenburch
Doede wrakselt as kûveusekynsy, mar Piter wurdt, as mem har pop, nooit wurch

Kearsang:

Sa tuft ús Jaap noch op syn wite Puchje, wylst Piter riidt yn syn Mercedes Benz
Jaap sjongt noch yn elts willekeurich kroechje wylst Piter inkeld spilet foar syn fans
De measte sealen binn' te lyts foar Piter, 't ferlet nei syn muzyk dat wurdt te grut
"Ik bin ik" seit Fokke, want sa hyt 'er, "t wurdt tiid dat ik de twadde Piter wurd!"

Kearsang:

't Is dreech in eigen liet te komponere en oer muzyk wurdt fierstefolle praat
Henk te Biezenbeek dy woe bewear: dat yntro Piter, dat is plagiaat!
It reint fryske cd's as wie it wetter, elk giet mei Frâns of Wobbe graach yn see
Mar Piter, da's fansels, wit it wer better, en seit tsjin al dy platenbazen nee

Kearsang:

Piter hat in fanklup, net te leauwen, hy barst fan grutskens omtrint út syn fel
Hy mocht fan harren yn in ballon te driuwen en seach doe út 'e loft op Fryslân del
Syn seksy image wurdt wat minder pittich al treent er foar in liif sa stoer en strak
Mar is fansels as sjonger fan goed fjirtich by ús feterane-banjo-klup te plak

Kearsang: